

Van: "J"
Verzonden: donderdag 7 maart 2024 16:57
Aan: "J" <J@fryslan.frl>
Cc: "J" <J@fryslan.frl>; "J" <J@fryslan.frl>; "J" <J@fryslan.frl>
Onderwerp: RE: Brief KfdK
Bijlage(n): 02204089 - 2024-03-08_Ambtsbericht_ôfskrift fan it amtsberjocht oangeande de sichtberens fan it Frysk yn'e iepenbiere romte.pdf

Dag J,

Sjoch taheakke alfêst it ôfskrift fan de brief oan Minister IenW dy't moarn op de post giet nei de minister fan BZK.

Jim kin dizze brief fansels ek amtlik diele mei BZK, at jim dat opportuun achtsje. Graach wol dan pas moarn (freed) diele, oansjoen er ek de datum fan freed op stiet.

KfdK sil noch weromkeppelje oer it petear hjoed mei minister Harbers.

Mei hertlike groetnis,
J

Kabinet Kommissaris fan de Kening
06 J / 058 - 292 J
J@fryslan.frl

provinsje fryslân
provincie fryslân

Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)
Postbus 20120, 8900 HM Leeuwarden
(058) 292 5925 / provincie@fryslan.frl
www.fryslan.frl

Van: J
Verzonden: dinsdag 5 maart 2024 12:32
Aan: J <J@fryslan.frl>
CC: J J@fryslan.frl; J <J@fryslan.frl>; J
J J@fryslan.frl
Onderwerp: RE: Brief KfdK

Dag J,

Tige tank, ik sil 'm no ter ûndertekening oan de kfdK foarlizze, sadat er de brief tongersdei meinimme kin nei de minister.

At ik in ûndertekene ferzje ha sil ik er even in scan fan meitsje, dan kinne jim dy nei tongersdei ek mei BZK diele.

Mei hertlike groetnis,
J

Kabinet Kommissaris fan de Kening
06 J / 058 - 292 J
J@fryslan.frl

provinsje fryslân
provincie fryslân

Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)
Postbus 20120, 8900 HM Leeuwarden
(058) 292 5925 / provincie@fryslan.frl
www.fryslan.frl

Van: J <J@fryslan.frl>
Verzonden: dinsdag 5 maart 2024 09:01
Aan: J <J@fryslan.frl>; J <J@fryslan.frl>; J
J <J@fryslan.frl>
CC: J <J@fryslan.frl>
Onderwerp: RE: Brief KfdK

Hoi J,

Taheakke in troch ús neisjoene ferzje mei byholden feroarings.

Mei freonlike groetnis,
J

Opjefte Taal & Leefberens
Mob: +31 6 J
J@fryslan.frl

provinsje fryslân
provincie fryslân

Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)
Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert
(058) 292 5925 / provincie@fryslan.frl
WhatsApp: 06 10 26 88 31
www.fryslan.frl

Van: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
Verzonden: vrijdag 1 maart 2024 16:26
Aan: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>; [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>; [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
CC: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
Onderwerp: RE: Brief KfdK

Hoi [redacted] J,

Nochris tige tank foar de opset. Taheakke in twadde (oanfolde) ferzje. Wolsto / wolle jimme nochris meilêze (ek taalkundich)?

Slagget it om moandei nei de brief te sjen? Dan kinne wy it noch oan de KfdK foarlizze. Takom tongersdei 7-3 is it oerlis mei de Minister.

Mei freonlike groetnis,

[redacted] J

[redacted] J

Kabinet kommissaris fan de Kening [redacted] J A.A.M. Brok

Til.: 06 – [redacted] J
E-mail: [redacted] J @fryslan.frl
www.fryslan.frl

provinsje fryslân
provincie fryslân

Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Van: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
Verzonden: dinsdag 20 februari 2024 21:10
Aan: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>; [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>; [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
CC: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
Onderwerp: RE: Brief KfdK

Hoi [redacted] J en [redacted] J,

Taheakke de ynput foar it brief. It moat lykwols tink ik noch wol oanpast wurde sadat it in goeie brief is, mar alle relevante ynhâld wurdt neamd.

Mochten jimme noch fragen ha, hear ik it graach!

Mei freonlike groetnis,

[redacted] J

[redacted] J

Opjefte Taal & Leefberens
Mob: +31 6 [redacted] J
[redacted] J @fryslan.frl
wurkdagen: [redacted] J

provinsje fryslân
provincie fryslân

Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)
Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert
(058) 292 5925 / provincie@fryslan.frl
WhatsApp: 06 10 26 88 31
www.fryslan.frl

    Folge ús op social media!

.....

Help nedich by Frysk skriuwe? Sjoch foar in staveringshifker, wurdboekportaal, oersetter en mear op : www.frysker.nl

.....

Van: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
Verzonden: woensdag 14 februari 2024 14:58
Aan: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>; [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
CC: [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>; [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>; [redacted] J <[redacted] J @fryslan.frl>
Onderwerp: RE: Brief KfdK

Hoi [redacted] J,

As jimme, lykas foar de brief oer it Frysk by de Plysje, alinea's op ynhâld oanleverje wolle dan soargje wy foar it ynbêdzjen derfan yn in brief en de ôfstimming mei de kfdK. Der kin skreaun wurde yn de ik-foarm, KfdK sil it berjocht stjoere as ryksorgaan mar fansels wol mei in dúdlike keppeling mei it provinsjaal belied. It Sichtberensakkoart Frysk fan 2022 jout fansels ek in moai heakje.

www.fryslan.frl



Commissaris van de Koning
in de provincie Fryslân

Kabinet

Syn Eksellinsje de hear H.M. de Jonge
Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelasjes
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Ljouwert, 8 maart 2024
Ferstjoerd:

Ús kenmerk : KAB 02204089
Ôfdieling : Kabinet kommissaris van de Kening
Behannele troch :  J
Taheakke(n) : 1
ûnderwerp : Ôfskrift fan it amtsberjocht oangeande de sichtberens fan it Frysk yn'e iepenbiere romte

Rju achte hear de Jonge,

Graach stjoer ik ik jo ta kundskip in ôfskrift fan it amtsberjocht dat ik op 7 maart 2024 oan de minister fan Ynfrastruktuer en Wettersteat oerlange haw oangeande de sichtberens fan it Frysk yn'e iepenbiere romte.
Fansels bin ik ree om jo neiere taljochting te jaan oer it amtsberjocht, as jo dat winsklik of needsaaklik achtsje.

 J
Mei rju achting,

drs. A.A.M. Brok



Syn Eksellinsje de hear M.G.J. Harbers
Ministearje fan Ynfrastruktuer en Wettersteat
Postbus 20901
2500 EX DEN HAAG

FERTROULIK / AMTSBERJOCHT

Ljouwert, 5 maart 2024

Ús kenmerk : KAB 02203900
Ôfdieling : Kabinet kommissaris fan de Kening
Behannele troch : J
Taheakke(n) : gjin
ûnderwerp : Sichtberens fan it Frysk yn'e iepenbiere romte

Rju achte hear Harbers, *Bôeke Taal*

Graach freegje ik jo oandacht foar de sichtberens fan it Frysk yn'e iepenbiere romte. De provinsje Fryslân ferfollet as Taalskipper in aktive rol yn it útdragen en tafersjoch hâlden op it brûken fan de Fryske taal. Dy rol is mei it Ryk ôfpraat yn de BFTK as útwurking fan in fersyk fan de minister fan Ynlânske Saken. Tegearre mei it Ryk hat de provinsje in mienskiplike ferantwurdlikens en de soarchplicht om de Fryske taal te befoarderjen. Sûnt 2014 is dit ferankere yn de Wet gebrûk Fryske taal.

It Frysk is de memmetaal fan de helte fan de Fryske befolking en it is dêrom fan grut maatskiplik belang dat it Frysk rûnom sichtber is yn Fryslân. De provinsje set yn op de sichtberens fan de taal om't it ien fan ús offisjele talen is. Dat betsjut dat it yn formeel gebrûk en uteringen ek lykweardich as it Nederlânsk brûkt wurde moatte soe. Yn de praktyk binne de uteringen yn de iepenbiere romte nammentlik net yn it Frysk, mar hast allegear yn it Nederlânsk. De erkenning as 'offisjele taal' is der wol, mar yn de praktyk slacht it Nederlânsk altyd foar master op en is der feitlik mar ien offisjele taal. Dêrneist draacht sichtberens fan it Frysk tige by oan de fitalens fan de taal. De provinsje stipet al in skoft inisjativen om it Frysk, bygelyks op strjitte en by diken del, sichtber te meitsjen, mar fan funksjonele en folsleine sichtberens is noch gjin sprake. Op dat mêd soe de provinsje graach gearwurkje mei jo Ministearje.

De provinsje fynt de sichtberens fan it Frysk yn'e iepenbiere romte tige wichtich. Sa is der op 2 maart 2021 troch it kolleezje fan Deputearre Steaten besletten dat de provinsje ynsette sil op folsleine en funksjonele sichtberens fan it Frysk yn ûnder oare de publike romte. In jier letter, op 25 april 2022, is nei oanlieding fan Twadde-Keamermoasje 35570-VII-75 troch it Ryk en de provinsje it Sichtberensakkoart ûndertekene dêr't nochris ynset wurdt op de sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte. As lêste sil sichtberens ek in wichtich punt fan omtinken wêze yn de nij te ûndertekenen Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024 – 2028 (BFTK).

De provinsje, de gemeenten yn it Fryske taalgebiet, mar ek it Ryk binne belangrike spilers oangeande de sichtberens fan it Frysk. It Ryk beheart nammentlik faak iepenbiere saken dêr't it Frysk idealiter sichtberder wurdt. Tink dêrby oan iepenbiere ynstellings mar ek yn it ferkear en ynfrastrukturele ynrjochting. Mei bygelyks twatalige Frysk-Nederlânske ferkearsbuorden soe it Frysk funksjoneel, konsistint en konsekwint sichtber wêze foar elkenien rûnom yn de provinsje. De provinsje wol dêrom graach ynsette op de ferfrysking fan de ynfrastruktuer yn Fryslân.

By it realisearjen fan de winsk ta ferfrysking, moat út soarte rekken hâlden wurde mei mooglike effekten op de ferkearsfeiligens. Meartalige ferkearsbuorden soargje yn oare regio's dêr't meardere nasjonale talen binne, lykas Wales en Ierlân, net foar ûnfeilige situaasjes op 'e dyk. Yn Skotlân hat út ûndersyk bliken dien dat de yntroduksje fan meartalige ferkearsbuorden net soarge foar in feroaring yn it tal ûngelokken. Dêrneist ha meardere wittenskiplike stúdzjes konkludearre dat twatalige ferkearsbuorden in minimale kâns ha om de ferkearsfeiligens te beynfloedzjen.

Al hielendal as de ferfrysking fan de ynfrastruktuer op in konsjinsjeuze wize bart, sil it dus net soargje foar gefaarlike situaasjes op 'e dyk. Sa is it bygelyks wichtich dat de buorden standerdisearre wurde en dat der goed neitocht wurdt oer hoe't de talen presintearre wurde. Dat betsjut bygelyks dat de buorden rûnom yn Fryslân itselde binne, dat de talen typografysk ferskille en der goed rekken holden wurdt mei it tal ynformaasje op de buorden.

De ferkearsbuorden yn 'e provinsje Fryslân binne ûnder behear fan it de provinsje, gemeenten en it Ryk. Dy trije partijen, yn it bysûnder it Ryk, hawwe in wichtige rol yn de ferfrysking fan 'e ynfrastruktuer. Dêrom wol ik graach de suggestje dwaan om tegearre mei jo ministearje yn petear te gean mei Rykswettersteat oer de ferfrysdings op rykswegen en dêrneist ek it opnimmen fan twatalige ferkearsbuorden yn it Reglement verkeersregels en ferkeerstekens en it Besluit administratieve bepalingen inzake het wegverkeer.

Ta beslút wol ik, as selsstannich bestjoersorgaan en út persoanlik perspektyf wei, graach noch kwyt dat ik it ús ferantwurdlikens fyn dat it Frysk oeral yn 'e provinsje rûnom sichtber wurdt. Dêrta hawwe wy lykwols wol jo stipe nedich.

Ik sjoch út nei jo reaksje en fansels bin ik ree om jo neiere taljochting te jaan oer spesifike saken, as jo dat winsklik of needsaaklik achtsje.

Mei rju achting,



drs. A.A.M. Brok



Yn ôfskrift oan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen